

Us eigen taal (3)

Utgoingspunten foar in Fryske taalstandert (2)

Yn 'e foarrige (foarige?) *Lyts Frisia* bin ik yn 'e pleit gongen foar it better standerdisearjen fan ús taal. It Frysk soe noch mear in 'folwoeksen' taal wurde moatte. Dat is needsaaklik as ús taal folle yntinsiver brûkt wurdt yn alle mooglike maatskiplike domeinen. En dat lêste wolle alle Fryske bewegers fansels graach (jerne?). Hjoed-de-dei tref ik bygelyks noch (jit?) altiten in nuver gearmjoksel (gearmjuksel?) en raar taalgriemank (griemank?) yn ús Frysktalige ûnderwiislearmiddels oan. De grize (grizel?) rint jin bytiden oer de grouwe (grouwel?). Soks moat dus oars.

Fjouwer útgoingspunten foar in standert haw ik al neamd yn it lêste nûmer fan *Lyts Frisia*¹. Dêr is ek al in reaksje op kommen fan in rju achtbere lêzer. Tige by tige! (sjoch op in oar plak yn dit nûmer) Ik bring no in stikmannich oare útgoingspunten op it rabat (en nûmerje sadwaande troch).

5. As in Fryske foarm en in *ynslûpsel* út in oare taal (ek wol as 'ynterferinsje' oantsjut) beide yn it *Frysk Wurdboek-I* (F-N, 1984) foarkomme, sûnder dat nei inoar (inoarren?) ferwiisd wurdt, dan is de standertnoarm *net* oan te jaan. Yn dy gefallen wurde beide foarm *s* (foarm *en?*) as standertnoarm beskôge, mar is der in foarkar foar de Fryske(re) foarm. Sa ferwiist it trefwurd *ynterferinsje* net mei in pylkje [→] nei it lemma *ynslûpsel* en it stekwurd *trottoir* net nei *stoepe* of *rinpaad*. En de yngong *erupsje* net nei *útbarsting*. Der is gjin oare útwei ...

6. As njonken in *ynslûpsel* út in oare taal noch *gjin* Fryske wjergade(r) brûkt wurdt of útsteld is, wurdt in nije Fryske wjergader (wjergea?), foarsafier't dy logysk past yn it hjoeddeiske Fryske taalsysteem, as standertnoarm nei foaren skood. Salang't dêr noch gjin útstel oer is, moat, foarsafier't dat mooglik is, de ynterferinsje mijd wurde.

Mar men kin lang net alle frjemde nije wurden goed omskriuwe yn en mei eigen wurden. Frjemde wurden lykas *aksje*, *kompjûter*, *kokpit*, *klosjaar*, *sakristy*, *tachymeter* of *sygoatysk* kin men (noch) net sa maklik in geef Frysk wurd foar yn

¹*Lyts Frisia*, LIX, nû. 2, juny 2010, s. 19-20.

it plak sette.² Dy binne al min ofte mear 'eigen' wurden. Yn alle gefallen wat de stavering oanbelanget. Mar foar gâns kompjûterbegripen binne wol eigen wurden útsteld. En se wurde ek brûkt. Sa kin in *adaptor* in *útwreidingskaart* wurde, in *append query* in *taheakfraach* en in *alternitive key* in *oarreakaai* [Alt], in *at-sign* [@] in *aapke* en in *autocue* in *ynstekskeerm*.³

7. Skriftlike wurdfoarms (foarmen?) dy't de lêste fearnsieu net mear gongber binne, wylst de mûnlinge wjergader sûnt dy tiid ek net mear brûkt wurdt, kinne as âlderwetsk (âldfrinzich?) of *argaysk* beskôge wurde. Foarkarsfoarms binne yn sokke gefallen alderearst (allerearst?) oare Fryske foarms mei deselde betsjutting dy't net argaysk binne. Bestiet der gjin Fryske foarm mei deselde betsjutting, mar allinnich (allinne?) in ynterferinsje (bygelyks in *hollânisme*), dan kriget dy ynterferinsje as regel de foarkar: bygelyks net it argaïsme *jit(te)*, mar de ynterferinsje *noch*.

Argaysk Frysk is dêrmei lykwols net ta weismiten keard. Sa brûk ik yn myn *skriftlik ferkear* (wêrom doocht 'myn skriftlike ferkear' net en 'it skriftlike ferkear' al?) mei bewegingsmaten as oanhef gauris: *Rju nommele/risnabele stalke(s)*, *Rju eale wine*, of yn it meartal: *Eala winan*. Guon fan sokke freonen hawwe dêr wol niget oan en nimme soks oer. En dan is *mei sin* brûkt argaysk Frysk eins in *argaïsme* wurden en sadwaande wer 'libben' Frysk. Wat in rykdom soe Douwe Kalma wol sizze! Soe *nin* ek mear brûkt wurde moatte yn it plak fan *gjin*? En *jitte* foar *noch*? *Jitris* brûk ik faker. En jo? Jamk (faaks?) hâlde jo wol fan wat literêr taalbrûkme? En is dat by jo foar 't neiste (wêrom brûk ik leaver net 'nei alle *gedachten*'?) wizânsje, in bewende wize fan dwaan. Foar in *taalstandert* is sok in taalgebrûk fan neisten wat minder gaadlik. It moat, as it heal kin, pas jaan.

8. It *ferminderjen* (de *reduksje*) fan foarms dy't op it mêd fan de *wurdfoarming* (*morfoloogy*) en de wurdskat (it *leksikon*) in bytsje ôfwike fan de 'gewoane', is yn guon gefallen hiel goed mooglik. Inkelde foarbylden (eksimpels):

Yn wurden dy't einigje op *-ing* soe de foarkar jûn wurde moatte oan de meartalsfoarm op *-s*: gearstallings, taljochtings. Benammen yn it easten fan Fryslân krije beskate wurden op *-ing* almeast net in meartal op *-en*. Yn it westen fan ús provinsje al, lykas yn 'herringen' en 'ferklearringen' Yn it Hollânsk kin dat ek net oars: 'samenstellingen'.⁴ Yn it Frysk hawwe wy dy *-s*-mooglikheid wòl: *harrings*, *ferklearrings*, *ladings*, *harsenskoddings*, *skiedings*, *ôfwagings*, *bokkings*, *ensfh*. Lit ús de ôfstân of distânsje ta it Hollânsk bewekje (beweitsje?) en sadwaande altiten (altd?) kieze foar *-ings*!

It Frysk hat wol sa'n 3500 fan sokke *-ing*-wurden. Ik haw se ris rûchwei teld.⁵ In *reduksje* ta de *ings*-útgongen makket aardich regaad! Soks soe men

²In moai nust fan sokke wurden binne te finen yn Beart Oosterhaven syn *Nije list fan frjemde wurden*, Ljouwert: Fryske Akademy, 2000 (170 siden!).

³Klik foar in wiidweidige list fan kompjûterbegripen bygelyks op: www.fryskebeweging.nl/ferieningfryskûnderwiis/publikaasjes/listfanfryskekompjûterbegripen.

⁴Ferl. bgl. P. Breuker e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./ Afûk, 1982, s. 52. It boek is spitiernôch hast net mear te besetten, want de Afûk hat in jiermannich ferlyn, o skande!, alle eksimplaren opêden.

⁵Sjoch foar dy likernôch 3500 wurden dy't útgeane op *-ing*: A. Dykstra e.o., *Omkearwurdbok fan de*

mei rjocht *standerdisaasje* neame kinne! As dat no ris konsekwint en konsistent dien waard yn ús takomstige Frysktalige ûnderwiislearmiddels?! Lit ús ophâlde mei dy maskelyn fan *-s*- en *-en*-útgongen, fakentiids ek noch troch in skriuwer/gearstalter (sûnder euvelmoed en ûnbewitten?) op deselde side fan in Frysk les- of lêsbok trochinoar del kwattele (en troch de korrektor oer de kop sjoen?). Dan dogge wy it taalideologysk en taaldidaktysk mei de *-s*-foarm dalks goed.

Mar alle krewearjen foar standerdisearjen hat syn grinzen. By foarms dy't libbene wêzens oantsjutte en útgeane op *-ling* is dy distânsje mei Hollânske foarms almeast net mooglik yn it Frysk en bliuwt de meartalsfoarm op *-en* de standertfariant: *ellindelingen*, *learlingen*, *âlderlingen*.

Oant safier. Ik sit wer oan myn taks wat de lingte (langte?) fan myn stikje oer ús eigen taal oanbelanget. Mar ik haw myn swetten op it stik fan de *foarmfermindering* yn it Frysk jitte net fier genôch útlein. Yn it kommende nûmer fan *Lyts Frisia* bring ik noch mear standerdisaasjewinsken op it aljemint. Nee, winsken is al te beskieden. Ik bedoel winliken: *easken*. Set jo mar te skrep en te skoar!

Sytze T. Hiemstra

Untjouwing fan it Standertfrysk

Lang net alle Friezen behearskje of akseptearje de standerttaal, allegear wier, mar hy bestiet wol en hy funksjonearret ek: yn de literatuer, yn it ûnderwiis, yn it iepenbier bestjoer en by Frysktalige organisaasjes. Yn de ferskillende domeinen sil altyd ferlet bliuwe fan in standertnoarm. Taalbrûkers, en benammen twadde-taallearders, hawwe ornaris ferlet fan dúdlikens. Dy wolle graach witte 'hoe't it moat'. Mei in dúdlike noarm reitsje minsken fertroud mei de Fryske skriftkultuer. Dat bringt se tichter by de literatuer, makket se wisser yn har memmetaal en feardiger mei taal yn it algemien.

Wolter Jetten

480.000 Fryskpraters, dêr't sa'n 130.000 twadde taallearders fan binne.

Tûkelteammen

Yn Lyts Frisia en oare tydskriften is it Standertfrysk in diskusje dy't hieltyd werom komt. Neffens resint ûndersyk binne der sa likernôch

480.000 Fryskpraters, dêr't sa'n 130.000 twadde taallearders fan binne. It Frysk wurdt minder trochjûn oan de bern en der komt noch hieltyd nije ymport yn it Fryske taalgebiet. As men it tal Fryskpraters yn prosintuele en absolute oantallen op itselde nivo hâlde wol, binne de twadde taallearders

Fryske taal, Ljouwert: Fryske Akademy, 1992, s. 175-193.

in wichtige faktor. Men soe fan tinken wol hawwe kinne dat Fryske ynstellings it grutste ferlet hawwe fan in dúdlike standert.

It beheinen fan foarmfariaasje yn it ûnderwiis kin dan wol makliker wêze, ferskaat is de normale situaasje. By in opleine standert kin it ferskaat as in bedriging sjoen wurde en as mooglik gefolch wurdt de noarm hiel smel makke. Yn Nederlân is de noarm sa smel wurden dat ynwenners yn de súdlike en eastlike streken net mear 'sizze meie' dat se Nederlânsk prate. It gefolch is dat se har as in oare taalgroep begjinne te sjen wylst se gewoan dialektpraters fan it Nederlânsk binne.

Der binne in protte talen, grut en lyts, dy't gjin staveringssienheid hawwe. De grutsten binne it Ingelsk en it Dútsk. Net alle kranten en tydskriften yn Dútslân brûke de nije Dútske stavering. Dêrneist moat men yn it Dútsk likegoed bekend wêze mei de regionale wurdskat.

Fryske Akademy

Wa hat it foech om oan te jaan wat de standert fan it Frysk wêze moat? De Fryske Akademy yn Ljouwert makket wurdboeken fan it Frysk. Doel fan de FA is om de taal te dokumintearjen neffens de offisjeel fêststelde stavering troch Provinsjale Steaten. It foech oer it Standertfrysk is net offisjeel fêstlein en de wurdboeken fan de FA binne dêrom perfoarst gjin wetboeken. Nammers binne der gâns wurden dy't de Friezen faak brûke yn wurd en op skrift, mar de FA dokumintearret lang net alle ynslûpsels. Der kin dus sein wurde dat de FA gjin offisjele taak hat yn de standerdisaasje fan it Frysk, mar hy jout de taalbrûker wol in stik

ark en dêrby faaks ûnbewust ek al in standert.

Standerdisaasjekommisje

It soe in goed ding wêze as in standerdisaasjekommisje fan Provinsjale Steaten it foech krije kin oer it meitsjen fan sa'n standert. Fertsjintwurdigers fan de Fryske ynstellings en taalorganisaasjes soene plak yn de komisje hawwe kinne. Sa makket men de kâns grutter dat sa'n standert troch saakkundigen akseptearre wurdt.

By de wurden dy't frekwint yn it Frysk foarkomme, kin in standerdisaasjekommisje mooglik wol foar ien fariant kieze om betizing op skrift foar te kommen. Sa soe de komisje sjen kinne nei it skriftlike Frysk fan de lêste tritich jier, en by einsluten kieze kinne tusken de farianten *rjocht of rjucht*.

It doel fan sa'n komisje is twalidich. Foarst sil de komisje in wurdlist fan de standert meitsje moatte. Twads sil der sjoen wurde moatte nei in ferantwurdlik orgaan dat dy standert hoedzje en noedzje wol en kin.

Akseptasje troch de mienskip

Mar wat is no krekt it plak fan it Standertfrysk yn de Fryske mienskip? In protte Friezen hawwe no ommers al it gefoel dat harren sprektaal net oerienkomt mei de standert. It goede is dat de Friezen har dus wol bewust binne fan it bestean fan in standert. Om foar te kommen dat it Standertfrysk it kontakt mei de mienskip ferliest, soe ik no alfêst pleitsje wolle foar in brede standert: dat gefokus op dialektwurden en ynslûpsels makket

minsken benaud om wat te skriuwen. It *Frysk Hânwurdboek (FA, 2008)* soe men bygelyks as grûnslach brûke kinne om ta in formeel fêstleine standert te kommen.

Meitsje de standert offisjeel

It wichtichste fan it Standertfrysk is in positive ynfloed op de Fryske taal. Der binne al aardich wat artikels skreaun oer it meitsjen fan in standert, soks draacht tige by oan de ynformele standert dy't de FA no al min ofte mear brûkt yn syn wurdboeken. De ynformele standert kin sjoen wurde as in spultsje fan taalkundigen. De formele

standert leit by de polityk en stiet dêrom los fan de ynformele standert. In standert kin allinnich (as de Provinsje it foech kriget/nimt) jilde foar it ûnderwiis yn it Frysk en it bestjoer.

It leit yn 'e reden dat de provinsje Fryslân as demokratysk keazen bestjoer it foech oer de standert kriget, sa't dat mei de stavering no al it gefal is. Lykwols soe men bûten de provinsje om ek in taalorganisaasje oprjochtsje kinne dy't ferantwurdlik is foar de standert en erkend wurdt troch alle ynstituten en organisaasjes. De earste formele stap ta de standerdisaasje fan it Frysk is noch net makke. Wa set dy stap?

B.J.Postma

Bitgummole, 20 maart 2010

De Ljouwerter gemeenterie

Achtbere rie,

By ús hjirre yn de Menamer riedseale wie de alfte in feestdei foar de gemeentlike demokrasy. It wie de dei fan de fyftjin eden en ûnthjitten. Us boargemaster lies de bypassende formule yn beide talen tefoaren. Har útspraak fan de lânseigene sprake wie net sûnder wryt of slyt, alhoewol't hja hjir wol wei kaam. Likegoed begûnen de fyftjin en it tribunefolk net te gruzen, se hiene besef fan de betsjutting fan dat amerij.

Yn de Ljouwerter fen de trettjinde stie yn de Gehoord en Gezien-rubryk in rigelmannich oer de ynstallaasje fan de nije Ljouwerter rie. Jim boargemaster, dy't hjir net wei kaam, die wakker flyt op syn bydrage dêrta, op it oplêzen fan de Fryske tekst. Mar jim reaksje op syn wrakseling mei de nije taal wie in hiel oarenien as dy fan jim Menamer kollega's op frou Van Delft-Jaasma harres: net botte foarnaam en net botte kollegiaal.

Wie it in demonstraasje fan, selsbetochte, mearwearde fan eigen ientaligens yn twatalich Fryslân?

Oars, mei Bitgummoolster achtinge,